

Liturgy 16 novimber 2025 , Fryske tsjinst

Oargelmuzyk foarôf

Tsjerkeried komt der yn (klok, kearsen, ...)

Wolkom en stilte

Sjonge: Liet 103: 1 en 5 (*Lit alles yn my sjonge foar de Heare*)

- 1 Lit alles yn my sjonge foar de Heare,
lit hiel myn hert Him loovje en Him earje!
Ferjit net dat Hy al dyn kwea ferjout.
Hy giet foarop, Hy wit de rjochte wegen.
By sykte_en dea lit Hy dy net ferlegen,
Hy kroant mei goedens wa't op Him betrouet.
- 5 Sa't sterke hannen fan in heit allinne
syn eigen bern yn leafde drage kinne,
sa tilt Hy ús troch wâld en wyldernis.
Ut stof fan de_ierde hat de Heare_ús makke.
Syn soargen gean oer 't lytse en it swakke,
want Hy betinkt, hoe tear ús libben is.

Begjinwurden

Kyrie en gloria

Sjonge: Liet 281: 1, 2, 3, 4 en 5 (*Wy komme foar jo antlit gear*)

- | | | | |
|---|---|---|--|
| 1 | Wy komme foar jo antlit gear.
Hâld Jo it each op ús, o Hear:
Kyrie eleison! | 2 | Oerfalt ús tsjusterens of lêst,
hâld ús dan yn jo goedens fêst:
Kyrie eleison! |
| 3 | Ferskyn as 't kommen fan 'e moarn,
o sinne, draach jo ljocht ús oan:
Kyrie eleison! | 4 | Jo litte út dit faai bestean
ús mei in nije namme gean:
Kyrie eleison! |
| 5 | Dat elk dy't ta jo wei him keart
dêryn genede kennen leart:
Kyrie eleison! | | |

Gebed

Sjonge: Liet 281: 6, 7, 8, 9 en 10

- | | | | |
|---|---|---|--|
| 6 | Jo strieljend antlit, dat ús socht,
set hiel ús libben yn jo ljocht.
Amen. Halleluja! | 7 | Wat Jo ferseinen ha Jo dien:
wy binn' mei Kristus 't grêf útgien!
Amen. Halleluja! |
| 8 | Hy giet ús foar en wêr't Hy giet
sjongt al wat is in freugdeliet.
Amen. Halleluja! | 9 | It liet fan wa't de rêst al fûn
hat ús ta sjongen oantrún jûn:
Amen. Halleluja! |

10 Set Jo ús herten yn 'e brân!
Fertreaste gean wy oan jo hân.
Amen. Halleluja!

Gebed by de iepening fan it Wurd

Petearke mei de bern, dy't dernei nei de bernetsjinst geane

Lêze: Luk.20: 27-38

Liet 759 (op 'e wize fan liet 968) (*Dy't ta Gods bern behearre*)

- | | |
|--|--|
| 1 Dy't ta Gods bern behearre
hja geane yn it ljocht,
hja binne rein ferklearre
foar syn heechhillich rjocht.
Hja libje Him ta eare,
hja wije Him har dei,
hja stjerre yn 'e Heare
en doare skoan hjirwei. | 2 Hja sliepe en ûntweitsje
as yn in eachwink tiid,
God sil har wekker meitsje,
in moarntiid, nij en bliid.
Dan wurde hja feroare
ta hearlikheid en ear;
heil dy't har oerjaan doare
yn hannen fan har Hear! |
|--|--|

Preek

Oargelmuzyk,

dernei sjonge: Liet 725 (*Jim, ingels foar Gods troan*)

- | | |
|--|--|
| 1 Jim, ingels foar Gods troan,
yn 't ûntagonklik ljocht
wurdt troch jim tsjinstbetoan
Gods heech befele folbrocht.
Draach mei jim stim
ek 't minskeliet
dat de _ierde biedt
ta lof fan Him! | 2 Jim, hilligen by de Hear,
dy't no, ferlost en frij,
God bringe lof en ear,
oan alle striid foarby,
sjong ús dan foar
mei klear klank
jim liet fan tank
yn 't himelkoar! |
| 3 Jim hilligen yn 'e wrâld,
sjong mei jim ierdske stim
in liet dat útsjoch hâldt
op 't nij Jeruzalim.
Al falt it swier,
hâld hope_yn 't hert
en wifkje net:
syn wurd is wier. | 4 Dêrom nim ik ek diel
yn dizze lofmuzyk,
besjong mei hert en siel
de gloarje fan syn ryk!
Dat no tenei
ek myn gesang
myn libben lang
Him priizgje mei! |

Gebeden

Margriet Lei fertelt wat oer de kollekte en oer de minima-aksje fan 'e diakonij.

Kollekte

Hillich nachtmiel

útnoeging en fredegroet

tafelgebed,

Útnoeging

F: De Hear hat syn tafel reemakke
foar wa't op Him betrouwe en Him leafhawwe.
Kristus noeget ús om tankber en leauwich
mei te stimmen yn 'e lofprizing fan syn tsjerke
en brea en wyn út syn hân oanrikt te krijen.

Fredegroet

F: Dat de frede fan de Hear altyd mei jim wêze mei.

A: **En mei jo.**

Tafelgebed

F: Bringje wy tank oan de Heare, ús God.

A: **Hy is ús tankberens weardich.**

F: Jo komt ús tank ta, Hear ús God,
oeral en altyd, troch Jezus, ús Hear.
Want Jo hawwe ús skepen
foar in libben fan leafde en lofsang,
en doe't wy Jo loslieten
ha Jo ús fêsthouden
en ús weromroppen fan in dearinnende wei.
Jo ha ús befrijd út de macht fan tsjuster en dea
en ús útsjoch jûn op in takomst fan ljocht:
frijheid, frede, freugde, foar al jo beminden.
Dêrom, Hear ús God,
jouwe wy ús by allegearre dy't Jo belide
as de God fan har libben
en sjonge wy Jo ta ús liet fan leafde:

derby sjonge: Liet 413: 1 en 2 (*Grutte God, wy loovje Jo*)

1. Grutte God, wy loovje Jo,
God fan himel, see en ierde,
al wat libbet bûcht foar Jo
yn bewûnd'ring foar Jo dieden,
Jo, mei macht en pracht beklaaid,
bliuwe oant yn ivichheid.

2. Al wat libje_en loovje mei,
alle minske-_en ingeltonge
priizget Jo aloan en wei,
wol jo leafde_en trou besjonge,
yn it lofliet ta jo ear:
'Hillich, hillich is de Hear!'

F; Heech te priizgjen binne Jo, God ús Heit,
en Jezus dy't komt yn jo Namme.
Want Hy is oan it uterste ta gien
om ús foar Jo te behâlden.

Hy hat foar ús út troch de ingte fan 'e dea
de trochtocht jûn nei de romte fan it libben.
Sa is Hy ús hoeder, de hoeder fan syn folk.

Lit jo Geast syn wurden wiermeitsje,
no't wy dogge wat Hy ús hjitten hat:
Hy hat yn 'e nacht dat Er oerlevere waard it brea nommen,
spriek de tanksizzing dêroer út, breek it
en joech it oan syn learlingen mei de wurden:
Nim en yt,
dit is myn lichem dat foar jimme jûn wurdt.
Doch dat ta in oantinken oan My.
Allyksa naam Er de beker,
spriek de tanksizzing dêroer út,
liet him rûngean en sei:
Drink hjir allegearre út,
dizze beker is it nije ferbûn
dat fêstleit yn myn bloed
dat foar jimme en foar gâns minsken
fergetten wurdt
ta ferjouwing fan sûnden.
Doch dit, sa faak as jimme dêrút drinke,
ta in oantinken oan My.

A: **Syn dea betinke wy,
syn opstanning belide wy,
syn takomst ferwachtsje wy.
Maranata.**

F: No't wy hjir byinoar binne om Him te betinken,
komme wy ta Jo, o God, mei dit brea en dizze beker
en wy bidde Jo:
tink oan it offer fan de Soan fan jo leafde
en nim ús offer fan lof en tank oan.

Lit jo Geast oer ús komme, de Geast dy't libben makket,
en meitsje nije minsken fan ús dy't jo Soan folgje wolle
en net ophâlde om Jo te beliden en inoar te behoedzjen,
mei jo Ryk dat komt, foar eagen.

Betink dan

En meitsje ús ien mei allegearre dy't ús foargien binne,
mei wa't ús leaf wienen en dy't wy ferlieze moasten,
mei de hilligen fan namme
en mei allegearre dy't al lang fergetten binne,
mei jo hiele folk, gasten oan jo miel.

Heech te priizgjen is jo Namme, God, ús God,
yn goede en yn kweade dagen,
foar ivich en altyd,
troch Jezus Kristus, ús Hear.

A: **Amen.**

F: Lit ús bidde ta God, ús Heit,
mei de wurden dy't Jezus ús leard hat.

A: **Ús Heit yn 'e himel,
lit jo Namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde
op ierde likegoed as yn 'e himel.
Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden,
sa't wy ús skuldners ek ferjûn hawwe;
en lit ús net yn fersiking komme,
mar ferlos ús fan 'e kweade.
Want jowes is it keninkryk
en de krêft
en de hearlikheid
oant yn ivichheid.
Amen.**

sjonge: liet 389 (op 'e wize fan Ps.134) *(It brea dat ús foar eagen stiet)*

- 1 It brea dat ús foar eagen stiet
en him geduldich brekke liet,
it is jo lichem, Hear, dat gol
as manna yn ús delgean wol.
- 2 De wyn dy't by ús rûngiet hjoed,
it is de omgong fan jo bloed;
it sprekt ús fan in heimenis:
jo hertslach, dy't ús libben is.
- 3 Us lippen drage troch de wyn,
it bloedmerk fan it doarskezyn,
sa giet de dea ús hert foarby,
o Laam fan God, Jo loovje wy.
- 4 Jo binne in gasthear, dy't foar ús
in breahûs en in wyngerd is.
Sa sêdzje Jo ús kear op kear;
Jo binne sels ús oerfloed, Hear.

brea en wyn

tankgebed

Sjonge: Liet 863: 1, 2, 5 en 6 (*No bringe wy de Heare*)

- 1 No bringe wy de Heare
 mei ynmoed tank en eare,
 syn hân dy't alles stjoerde
 betinkt ús mei it goede.
- 2 Mei wat we hawwe_en kinne
 binn' wy fan Him allinne,
 dy't ús by 't libben sparret
 en wûnderlik bewarret.
- 5 O Hear, hear nei ús bidden,
 wês sels yn ús fermidden
 en hâld yn freugde_en smerten
 ús yn jo heil besletten.
- 6 Wol frede_oer ús gebiede,
 ús yn 'e wierheid liede,
 dat wy mei allegearre
 jo ivich ryk behearre.

Seine

Oargelmuzyk